

Antwurden Tekstbegryp ensfh. A 20 septimber 2014

Bûten it korrektsjemodel mei alles goed rekkene wurde wat yn 'e hânwurdboeken fan de Fryske Akademy stiet, útsein dy gefallen dat dêr wurden yn foarkomme dy't yn 'e lesstof ferkeard rekkene wurde (b.g. 'dik' as oersetting fan Ned. dik, 'lústerje' as oersetting fan Ned. luisteren of 'raam' as oersetting fan Ned. raam). By de ûnderdielen D en F wurde staveringflaters ek rekkene, by de oare ûnderdielen net.

TEKSTBEGRYP

A. De fragen moatte yn it Frysk en yn folsleine sinnen beäntwurde wurde. Mei-inoar 22 punten.

- 1. De skriuwer fynt it wat meager as it allinnich mar om it tal jierren gean soe, omdat der wol mear oerienkomsten tusken de beide oarloggen oan te wizen binne. (3 punten)*
- 2. Mei dat ûnderwiisplan wurdt it plan fan De Clerq foar ûnderwiis yn it Frysk bedoeld. (2 punten)*
- 3. Dêr wurdt de striid fan 1900 oant 1980 foar it Frysk yn it ûnderwiis mei bedoeld. (2 punten)*
- 4. De skriuwer seit yn r. 10: 'Wy hawwe de ein noch net', omdat er fan betinken is dat de striid foar it Frysk yn it ûnderwiis noch net foarby is. (3 punten)*
- 5. Yn 1949 gong Wike Zijlstra fûl tsjin de wet op it leger ûnderwiis yn. (3 punten)*
- 6. 'De iene' en 'de oare' binne de minderheidsgroepen dy't yn r. 17 neamd wurde. (1 punt)*
- 7. Ferskillen: 1. De Clerq is der net earm fan wurden, wylst it mei Willem fan Oranje minder goed ôfrûn is, 2. Oan 'e ein fan de Tachtichjierrige Oarloch stie de frede al fêst, wylst wy no (yn 1980) de ein noch net hawwe. (2 punten foar elk goed ferskil. Meielkoar 4 punten)*
- 8. Oerienkomsten: 1. Yn beide gefallen hat der in bestân west dat tolve jier duorre, 2. Fan beide oarloggen binne de begjinjierren efterôf fêststeld, 3. Yn beide oarloggen hawwe der ek aktivisten west. (Hjir hoege mar twa oerienkomsten neamd te wurden. 2 punten foar elke goede oerienkomst. Maksimaal 4 punten)*

TAALEIGEN

B. Twa punten foar eltse goede betsjutting of omskriuwing. Mei-inoar 22 punten.

- 1. niget oproppend, ynteressant*
- 2. eksakt, presiis*
- 3. it plak dêr't/de tiid dat eat ophâldt*
- 4. miskien, mooglik*
- 5. eartiids, yndertiid, earder, yn it ferline*
- 6. mear tiid hân*
- 7. sa't men wol begripe kin, gjin taljochting nedich hawwend*
- 8. om ende by, omtrint, sawat*
- 9. steun jaan, helpe*
- 10. eigen(t)lik(en), nei de feiten besjoen, yn wêzen*
- 11. te witten, en wol, 'namelijk'*

C. Fjouwer punten foar elts goed ferskil. Mei-inoar 20 punten.

- 1. slûchslim - b.g. Ik fertrou dy man net heal as er my hieltyd mei syn slûchslimme eachjes oansjocht.
útsliept - b.g. Jan is goed útsliept, hy hat in helder ferstân en wit wat er dwaan moat.*
- 2. betiid - b.g. Moarns bin ik der betiid ôf, ek al is it noch net ljocht bûten.
bytiden - b.g. Do bist bytiden mar wat eamelich, ik woe net graach datst altyd sa wiest.*
- 3. telâne - b.g. By it draakjefleanen kaam de draak yn 'e sleat telâne.
terjochte - b.g. By it reisburo kinne jo terjochte foar in goed reisadvys.*

4.

regel - b.g. Jo hawwe jo net oan de regel holden, jo krije fan my in bekeuring.

rigel - b.g. De bern skreauwen rigel foar rigel oer yn harren skrift.

5.

behindich - b.g. Men soe sizze, sa'n behindich mantsje en dochs kin er de boppeste planke rikke.

redsum - b.g. Dat famke is o sa redsum, heit en mem hoege harren net mei har te bemuoien.

D. Ien punt foar elts goed meartal en ien punt foar elts goed ferlytsingswurd. Mei-inoar 20 punten.

1. kado's -

kadootsje/kadoke

2. kij - koke

3. bedraggen - bedrachje

4. skippen - skipke

5. bargaen - barchje

6. peallen - pealtsje

7. hannen - hantsje

8. skuon -

skoechje/skuontsje

9. dakken - dakje

10. tuten - tútsje

OERSETOPDRACHT

E. Mei-inoar 16 punten.

1. Boadskippesto wolris/Giesto wolris te boadskipjen op It Hearrenfean? (3 punten)

2. Us bernsbern/pake-/beppesizzers bliuwe takom/ankom/nije/oare wike by ús útfanhûs/te útfanhûzjen. (4 punten)

3. Neffens my fersint er/hy him. (3 punten)

4. Wêrom komsto winters/winterdeis/by 't winter noait/nea ris sels by ús te televyzjesjen? (3 punten)

5. Ik ha(w) it ankel ferstûke/ferknoffele by it reedriden. (3 punten)

YNTERFERINSJES

F. Ien punt foar eltse goede ferbettering. Mei-inoar 15 punten.

1. 'Wa fan jim begûn te fjochtsjen?', frege master. (3 punten)

2. Dy eksimplaren kostje mear as fyftjin euro it stik. (2 punten)

3. De trije jonges gongen mei-inoar/meielkoar by de doarren lâns om âld papier op te heljen. (2 punten)

4. Ik miende dat soks/sokssawat dy neat mear skele koe. (2 punten)

5. Juf lit de beukers yn it boarterskertier/frij kertier yn 'e sânbak boartsje. (4 punten)

6. It wie him hielendal net nei it sin. (2 punten)

Mei-inoar kinne op dit ûnderdiel 115 punten helle wurde. By dit ûnderdiel wurdt útgien fan in noarm fan 60% goed (= 69 punten) is in foldwaande (5,5). Mocht dêr oanlieding ta wêze, dan kin de Eksamenkommisje dêrfan ôfwike.